

We sykje

FREELANCE SJOERNALISTEN

Oer de Omrop:

Mei meiwurkers fan alle ôfdielingen en stakeholders is de ôfrûne tiid yntinsyf gearwurke oan in nije misje, fyzje en strategy. It nije strategysk plan 'Kom Fierder' stiet de kommende jierren sintraal mei trije pylders, te witten: Ferhalen, Publyk en Middels. Der is in nije wurkwize formulearre, dêrby stiet de eigen ferantwurdlikheid fan de meiwurkers, selsstannich en profesjoneel wurkje foarop.

Oer de funksje:

As freelance sjoernalist bist op de hichte fan de feiten en achtergrûnen fan aktuele en maatskiplike ûntwikkelingen yn en oangeande Fryslân. Do hâldst fraachpetearen, leist fêst wat bart, makkest ferhalen foar ferskate platfoarms en dochst live ferslach. Nimst diel oan it redaksje-oerlis en dochst foarstellen oer de gearstalling fan útstjoeringen en bepaalt mei watfoar ûnderwerpen yn de beneaming komme foar yn de útstjoeringen.

Fierdere taken:

- Sammeljen en selektarjen fan it nijs en sport.
- Underwerpen redigearje en montearje ta in "útstjoerklear" produkt.
- Taryeden fan ynterviews.
- Skriuwen fan berjochten foar radio, telefyzje en ynternet.

Beskikke oer:

- In sjoernalistike HBU-oplieding.
- In brede algemiene ûntwikkeling.
- Goede kontaktuele eigenskippen.
- Poerbêste kennis fan it Frysk, sawol mûnling as skriftlik.
- Kennis en ûnderfining mei dalet en/of smarttrack.
- Underfining mei it draaien as kamjo en/of mojo.

Feardichheden:

- Profesjoneel.
- Kin yn teamferbân wurkje en hâldt fan oanpakken.
- Entûsjast en inisjatyfryk.
- Fêsthâldend en by steat om op taktfolle wize oare minsken te oertsjûgjen.

Oanfoljend

- Ree wêze om yn wikseljende tsjinsten te wurkjen, ek yn 't wykein.

Wy biede

- Ynset en prestaasje wurde beleanne mei in passend taryf ôfstimd op wurkûnderfining.

Wolst wurkje yn in filefrije provinsje, yn in moai betelber wenklimaat en wolst wurkje by in kreative en ynspirearjende organisaasje yn Fryslân, dan sjogge wy dyn reaksje graach temjitte. Stjoer dyn motivaasje (yn hokker foarm dan ek) nei Fokelina de Boer, Haad P&O, fia P&O@omropfryslan.nl

Foar mear ynformaasje oer de fakatuere kinst belje mei Ingrid Spijkers, Haadredakteur (058 2997799).